

F-TARSP

FRYSKE AKADEMY

Jierferslach

2008



De Fryske Akademy yn 2008

Missy en doelstelling

De doelstelling fan 'e Fryske Akademy is om te fungearjen as it wittenskiplik sintrum fan Fryslân en heechwaardich wittenskiplik ûndersyk te ferrjochtsjen op it mêd fan 'e Fryske taal, kultuer, skiednis en maatskippij yn 'e breedste sin. Mei dat ûndersyk leveret de Fryske Akademy ek yn 2008 in bydrage oan 'e wittenskip; faak kin dy bydrage ek fan direkt maatskiplike betsjutting en relevânsje wêze yn 'e provinsje Fryslân. Neist dy primêre ûndersyks- taak fersoarget de Fryske Akademy fia de bysûndere learstuollen yn Leien en Amsterdam universitêr ûnderwiis op it mêd fan 'e Fryske taal- en letterkunde.

Projekten

It Mercator Europeesk Kennis- sintrum foar Meartaligens en Taallearen is it slagge om mear-

jierrige basisfinansiering te krijen fan 'e Gemeente Ljouwert, fan 'e Provinsje, fan it Baskysk Ministearje fan Underwiis en út Brus- sel wei. De fakgroep Skiednis is it yn gearwurking mei de Universi- teit Leien slagge om in NWO-pro- jekt binnen te heljen, dêr't mei yngong fan 1 jannewaris 2009 ien promovendus by de Fryske Akademy by oan 'e slach kin mei in AIO-projekt oer de Fryske fetemaatskippij fan ein fyf-tjinde/ begjin sechtjinde ieu.

Mei oare ynstituten fan 'e Ko- ninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW)- Meertens, Huygens, DANS en VKS – hat de Fryske Akademy in projektplan taret foar it ûntwik- keljen fan in digitale ynfrastruk- tuer foar geasteswittenskiplik ûndersyk. Dat Alfalab-projekt en de subsydje derfoar is troch it Bestjoer fan 'e KNAW goedkard. De Fryske Akademy sil dêrbinnen by it brûken fan geogra-


fyske ynformaasjesystemen (GIS) yn 'e Geasteswittenskippen de foarstap nimme.

In heuchlike nije ûntjouwing is dat fjouwer jonge ûndersikers as AIO/promovendus oan 'e slach gien binne. By de fakgroep Skied- nis giet it om drs. Rombert Stapel (Utrechtse Kroniek Duitse Gees- telijke Ridderorde) en Matthijs Gerrits MA (Fetemaatskippij Fryslân 1450-1550); by it Boppeslach- ûnderwiisûndersyk om drs. Jelske Dijkstra (Taalûntwikkeling jonge Fryske bern); by Mercator om Nienke Boomstra MSc (Taal- en lêsûntwikkeling by jonge Antil- jaanske bern).

1



2



Publikaasjes

Yn 2008 naam de produktiviteit op 'e nij ta. Der ferskynden 38 wittenskiplike artikels, 40 haadstikken yn boeken, 11 monografyen, 4 dissertaasjes, en 23 kongressen waarden organisearre. (Foar in folslein oersjoch fan publikaasjes yn 2008, [klik op dizze link](#)).

Trije promoasjes fûnen plak: fan dr. Herman Lambooi oer

Sibrandus Leo en zijn abtenkronieken van de Friese premonstratenzerkloosters Lidlum en Mariëngaarde (Universiteit Leien), fan dr. Han Nijdam oer *Lichaam, eer en recht. Een studie naar de Oudfriese boeteregisters* (Universiteit Leien, cum laude) en fan dr. Arjen Versloot oer *Mechanisms of Language Change: Vowel Reduction in 15th century West Frisian* (Ryksuniversiteit Grins).

Fierder ferskynden fan dr. Karel Gildemacher de monografy *Terpen en terpnamen*; fan Jelske Dijkstra *F-TARSP*, in diagnostysk ynstrumint foar Fryske logopedisten; fan dr. Bernie van Ruijven en dr. Jehannes Ytsma silger it rapport oer de *Trijetalige Skoalle yn Fryslân*; en ûnder einredaksje fan dr. Frits van der Kuip en drs. Pieter Duijff it grutte twaddeilige *Frysk Hânwurdboek* (mei de Friesland Bank as haadsponsor).

Yn oktober ferskynde yn gearwurking mei it *Friesch Dagblad* en útjouwerij Bornmeer/Steven Sterk de bondel *Friesland's Verleden* ûnder redaksje fan Douwe Kooistra en oaren, dêr't de histoarysy fan 'e Fryske Akademy in bydrage oan levere hawwe, sawol ynhâldlik as ek by it bewekjen fan 'e kwaliteit. Yn novimber ferskynde ûnder redaksje fan prof.dr. Goffe Jensma twatalich *De kanon fan de skiednis fan Fryslân - yn 11 en 30 finsters/ De canon van de geschiedenis van Friesland - in 11 en 30 vensters*, de frucht fan in provinsje-

brede wurkkommisje, dêr't neist Tresoar, Afûk en Fries Museum ek meiwurkers fan 'e Fryske Akademy in ynhâldlike bydrage oan levere hawwe.

Kongressen

Troch it hiele jier hinne waarden yn totaal 23 sympoasia en kongressen hâlden. (Foar in folslein oersjoch fan de kongressen en sympoasia yn 2008, [klik op dizze link](#)). De santichste jierdei fan 'e Fryske Akademy waard fierd mei in tal spesjale kongressen

en sympoasia: yn febrewaris (ta gelegenheid fan it fyftichjierrich bestean fan 'e Akademy-lêzingen) it Harmonie-sympoasium '*Mei Fryslân foarút*', dêr't ûnder lieding fan âld-foarsitter fan 'e Twadde Keamer Jeltje van Nieuwenhoven goed 600 minsken oan dielnamen; yn septimber de ynternasjonale konferinsje '*Endangered Languages and Language Learning*' (mei de KNAW as haadsponsor, dat ek yn it ramt fan it 200-jierrich bestean fan 'e KNAW); en yn desimber it 18de Frysk Filologekongres, dêr't de balâns opmakke waard fan en

3



4





5

tagelyk nije perspektiven sketst waarden foar de Frisistyk.

It Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen fan 'e Fryske Akademy hat yn 2008 op 'e nij in tal suksesfolle ynternasjonale kongressen organisearre, ûnder oaren yn it ramt fan 'e gearwurking mei it Baskysk Ministearje fan Underwiis, en luts dêrneist in geregelde stream binnen- en bûtenlânske heechwaardichheidsbeklaaiers, ûnder oaren Europeesk kommissaris Meartaligens dr. Leonard Orban, steatssekretaris drs. Frans



6

Timmermans, de dekaan en de ûndersyklieder fan 'e universiteit fan Nanking, en de minister fan Kultuer fan Kyrgyzstan.

Wurkferbannen

It Argeologysk Wurkferbân fierde de 25ste jierdei yn juny mei in symposium en de publikaasje fan 'e bondel *Diggelgoud*. Yn septimber waard in nije Wurkgroep Maritime Skiednis ynsteld, mei as doel it ûndersyk en de gearwurking te befoarderjen op it mêd fan 'e Fryske maritime skiednis.

(Foar in oersjoch fan en mear ynformaasje oer dizze en oare wurkferbannen en wurkgroepen, [klik op dizze link](#)).

Lêzingen

Yn novimber 2008 gie de 51ste edysje fan 'e jierlikse searje Akademy-lêzingen fan start. Yn trochsnee fersoarget de Fryske Akademy alle wiken ien wittenskiplike lêzing en ien publykslêzing, op ferskate lokaasjes.

7



Waddenacademie

Yn 2008 hat de Fryske Akademy praktyske stipe en direksje-assistinsje ferliend by de suksesfolle lansearring fan in nij KNAW-ynstitút yn Ljouwert, te witten de Waddenacademie. De offisjele presintaasje waard holden op it Trippenhuus te Amsterdam yn july 2008. De grutte ynternasjonale startkonferinsje wie op 1 en 2 desim-

ber 2008 yn it kongres-en stúdzje-sintrum fan 'e Fryske Akademy, It Aljemint. Neist de diskusje oer de ûndersyksagenda fan 'e Waddenacademie, benammen op kultuerhistoarysk en sosjaal-ekonomysk mêd, is in gearwurkingsoerienkomst sletten oer de saaklik-administrative stipe dy't de Fryske Akademy oan 'e Waddenacademie ferlient.

8



Personiele ûntjouwings

Reorganisaasje - Nei oerlis mei de ûndernimmingsried is mei yngong fan 1 maaie 2008 de reorganisaasje yngien. Dêrtroch binne yn totaal 8 meiwurkers (5 fte) by de Ofdieling Algemiene Saken mei ûntslach bedrige. Oant 1 juny 2009 wurdt binnen harren werpleatsingstrajekt yn goed oerlis besjoen wat yn elts

yndividueel gefal de bêste oplossing of regeling is. It hat in tige yngripende operaasje west, en wol alderearst foar de direkt beslutsenen, dy't nei jierren oanien fan grutte ynset en tawijing harren baan ferdwinen seagen as ûnderdiel fan 'e maatregels dêr't de neisleep fan 'e krisis fan 2004 mei opromme wurdt. De Fryske Academy is harren erkentlik foar de ynset dêr't se al dy jierren harren wurk mei dien hawwe.

Nij Management Team - Yn 'e lêste perioade fan 2008 binne beneamd dr. Arjen Versloot ta haad Fakgroep Taalkunde, dr. Hanno Brand ta haad Fakgroep Skiednis en prof.dr. René Jorna ta haad

Fakgroep Sosjale Wittenskippen. Dêrmei is no it Management Team fernijd. Sûnt augustus wurdt oan dit team stipe ferliend troch direksje-assistint drs. Linda Hoekstra.

Bysûnder heechlearaarskip en projektlieding - Te Leien is yn 2008 nei positive evaluaasje it bysûnder heechlearaarskip fan prof.dr. Rolf Bremmer ferlinge foar in nije termyn fan fiif jier. Lyksa is yn 2008 - yn ferbân mei de beneaming fan prof.dr. Durk Gorter ta Ikerbasque Research Professor te San Sebastian en de beneaming fan prof.dr. Goffe Jensma ta heechlearaar Fryske Taal- en Letterkunde oan 'e Ryks-


universiteit Grins - in akkoart oer it fuortsetten fan it universitêre ûnderwiis yn 'e perioade 2008-2010 sletten mei de Universiteit fan Amsterdam, dêr't beide fanwege de Fryske Academy oan ferbûn wiene.

Nei it fuortgean fan dr. Bernie van Ruijven is as nije projektlieder foar it Boppeslach-ûnderwiisûndersyk oanlutsen dr. Edwin Klinkenberg.

9



10



Kearnpublikaasjes Fryske Akademy yn 2008

- 1 Bree, C. van & Versloot, A.P. (2008) **Oorsprongen van het stadsfries** (*Fryske Akademy, 1031*). Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk. ISBN 9789062738014.
- 2 Duijff, P. & Kuip F.J. van der (eïred.), Haan, R. de & Sijens, H. (red.). (2008) **Hânwurdboek** (*Frysk Akademy, 1029*). Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk. *Twa dielen: I: a-m, II: n-z*. ISBN 9789062737901.
- 3 Dijkstra, J.E. (2008) **F-TARSP: Fryske Taal Analyze Remediëarring en Screening Prosedueren**. In *Fryske bewurking fan 'e TARSP* (*Fryske Akademy, 1018*). Ljouwert: Fryske Akademy/ Afûk. ISBN 9789062737802.
- 4 Gildemacher, K.F. (2008) **Terpen en terpnamen. Een naamkundig en historisch-geografisch onderzoek naar vijf naamtypen in Fryslân** (*Fryske Akademy, 1024*). Ljouwert: Fryske Akademy. ISBN 9789062737840.
- 5 Graaf, T. de, Ostler, N. & Salverda, R. (Eds.). (2008). **Endangered Languages and Language Learning. Proceedings of FEL XII, 24-27 September 2008** (*Proceedings of FEL conferences, XII*). Ljouwert: Fryske Akademy/Mercator & Foundation for Endangered Languages (FEL). ISBN 9789062737963.
- 6 Jensma, G.T. (2008). **De kanon fan de Skiednis fan Fryslân yn 11 en 30 finsters/ De canon van de geschiedenis van Friesland in 11 en 30 vensters**. Ljouwert: Afûk. ISBN 9789062737963.
- 7 Kooistra, D., Betten, E. & Vries, P.A. de (red.). (2008). **Frieslands verleden. De Friezen en hun geschiedenis in vijftig verhalen** (*Fryske Akademy, 1025*). De Gordyk: Bornmeer. ISBN 9789056151966.
- 8 Nijdam, Han (2008). **Lichaam, eer en recht. Een studie naar de Oudfriese boeteregisters**. *Proefschrift Universiteit Leien (cum laude)*. Hilversum: Verloren. ISBN 9789087040512.
- 9 Ruijven, E.C.M. van & Ytsma, J. (2008). **Trijetalige Skoalle yn Fryslân**. Ljouwert: Fryske Akademy. ISBN 9789061710110.
- 10 Versloot, Arjen (2008). **Mechanisms of Language Change: Vowel Reduction in 15th century West Frisian**. *Proefschrift Ryksuniversiteit Grins*. Utert: LOT. ISBN 9789078328698.

Kolofon

© Fryske Akademy 2009, Ljouwert/ Leeuwarden
fa@fryske-akademy.nl

Basisfoarmjouwing en opmeitsjen
Visser en De Graef bv, Leeuwarden



KONINKLIJKE NEDERLANDSE
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

provinsje fryslân
provincie fryslân 